

Tips



Wêr is Keimpe?

Keimpe de Krokodil hat him ferstoppe! Kinste Keimpe fine op de grutte sykplaten yn dit boek? En kinste ek de oare dingen fine? In fleurich, trijetalich sykboek om hieltyd op 'e nij te pakken en te besjen.



Sweltsjerige

Kinste al lêze? Dan binne dizze boeken wat foar dy! Gean te fiskjen mei Ate, ferslaan in draak mei ridder Jet of spylje toaniel mei Hidde. De boeken fan de Sweltsjerige binne spesjaal skreaun foar begjinnende lêzers.




Praat mar Toaniel

Spylje toaniel mei dyn klasse mei de boekjes fan Praat mar Toaniel: it ferhaal fan Robin Hood, Jungleboek, Peter Pan of ien fan de oare ferhalen. Praat mar Toaniel-boekjes binne der foar groep 5 o/m de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis.



Oppeppers yn it Frysk

Drokke dei of in yntinsive les? Soms hast yn 'e klasse ferlet fan in oppepper. Mei dizze kaartsjes hast dy altyd by de hân! Op 60 kaartsjes steane alderhande koarte aktiviteiten, dy'tst direkt mei dyn groep dwaan kinste.



Lêskoffer

Fryske berneboeken foar de hiele skoalle! Berneboeke-ambassadeur Lida Dykstra hat dizze koffer met tsien boeken gearstald en skreaun by de boeken kant-en-kleare lesbrieven om mei de ynhâld fan de boeken oan de slach te gean.



SPOAR 8

Frysk op de basisskoalle

Op alle skoallen yn Fryslân wurdt op dit stuit hurd wurke oan de ambysjes fan Taalplan Frysk 2030. In hiel soad skoallen brûke dêrby de metoade Spoar 8 fan de Afûk. Sûnt jannewaris 2022 hat Spoar 8 wer nij en noch mear oanbod foar de groepen 5 o/m 8. It oanbod is foar skoallen fan alle profilen en mei alle ambysjes.

Ynformative teksten, ferhalen, filmkes, gedichten, spultsjes en mear – yn it Frysk! Dy materialen kinste fan no ôf fine yn de Temateek. Lêsin Frysk gedicht oer ierappels as it oer lânbou giet, besjoch in Frysk filmke oer it Woudagemaal as jim it oer stoommasines hawwe of doch in Frysk spultsje oer fytsen by ferkear. Learkrêften kinne yn de Temateek Fryske

materialen fine, dy't passe by tema's dêr't yn de klasse oan wurke wurdt. Sa kinne se maklik Frysk oan oare fakken keppelje. Fansels kinste mei de materialen ek in eigen Fryske les gearstalle.

By de tema's yn de Temateek binne ek Taalaktiviteiten ûntwikkele. De lessen binne hielendal útwurke, mei in oersjoch fan taaldoenen, in ynskatting fan tiid, in stap-foar-stap-beskriving, tips foar differinsjaasje en tips foar ekstra materialen en keppeling oan oare fakken. Set sa mei de Temateek en Taalaktiviteiten Frysk fleksibel yn yn dyn klasse.

Spoar 8 ek by jim op skoalle? Freegje in workshop oan! www.spoar8.frl

Ferbyn Frysk mei oare fakken

Skoallen wrakselje yn de praktyk noch in soad mei it yntegrearjen fan fak en taal, wylst dêr grutte winst te beheljen is. De fak-taal-formule, dy't hjirfoar ûntwikkele is troch Cedin, giet werom nei de basis. Wichtich by de fak-taal-formule is it stellen fan goeie fakdoelen (doelen dy't te krijen ha mei ynhâld, it tema of it projekt) en goeie taaldoenen (doelen dy't te krijen ha mei it oanlearen fan in spesifike taalferdichheid). It wurkjen mei de fak-taal-formule helpt learkrêften om dy doelen goed oan elkoar te ferbinen mei oantreklike wurkfoarmen. Sa krijt it meartalich ûnderwiis op in leechdrompelige wize in heech rendemint en wurdt it ynpasber yn elke les.

De ferbining tusken de fak-taal-formule en de Temateek fan Spoar 8 kin maklik

lein wurde. De Temateek is in boarne fan Frysk materiaal yn alderhande tema's, en de fak-taal-formule is in wurkwize foar learkrêften om taal- en ynhâldsdoelen op in oantreklike en bestindige wize oaninoar te keppeljen. In kombinaasje fan dy beiden leveret moaie, sinfolle lessen op dy't learkrêften en learlingen bewust oan doelen wurkje litte en dy't it Frysk in natuerlik plak jouwe yn de klasse.

De nije Temateek en Taalaktiviteiten yn Spoar 8 hawwe as doel dat de Fryske materialen makliker fleksibel ynsetten wurde, op in manier dy't by de skoalle past, want meartalich ûnderwiis is in geweldige stimulâns foar de taalûntwikkeling by bern.

Mear ynfo mail nei spoar8@afuk.frl

Anno N. bringt freonskip fierder!

Jou omtinken oan pestgedrach, gearwurkjen én freonskip mei de spannende escape(class)room en it oangripende lêsprjekt oer Anno N.

'Anno N. fersus skoalbern' is folslein yn it Frysk en geskikt foar de hiele basisskoalle. Poergeskikt om it skoaljier mei ôf te sluten, mar ek hiel gaadlik om yn te setten binnen de 'Gouden Weken'. Ien grutte belibbenis foar de hiele skoalle om aktyf te wurkjen oan groepsfoarming op dyn basisskoalle.

Lês mear op www.annon.frl en meld jim skoalle oan!



Bestel no de slagge-flagge!

De kommende moannen is it in spannende tiid foar in soad eineksamenlearlingen: slagge se al of net? En as se slagge binne, wolle se dat fansels oan elkenien witte litte. Soargje dat jimme goed taret binne en bestel no alfêst de slagge-flagge. Wat soe it in ferrassing foar harren wêze as dy flagge fuort yn top kin as dat moaie berjocht binnenkomt: slagge! Keapje de slagge-flagge by ús yn de websjop of kom even del by de Afûkwinkel yn Ljouwert.

websjop.afuk.frl



Oant sjen yn ús winkel!

ADRES

Bûterhoeke 3
Ljouwert

(058) 234 30 70

ynfo@afuk.frl

www.afuk.frl

IEPENINGSTIDEN

Moandei
13.00 - 17.30 oere
Tiisdei o/m freed
09.30 - 17.30 oere
Sneon
10.30 - 17.00 oere

/stichtingafuk
 /StichtingAfuk

